



Protestantse Gemeente
Menaam

Tsjerke fan de Moanne Lambertustsjerke yn Menaam

Snein 22 septimber 2024

Foargonger: ds. Teije T. Osinga
Âlderling fan tsjinst: frou Anneke Algra-Gillebaard
Lektor: Gosse Bootsma
Diaken fan tsjinst: A. Posthumus
Muzikale meiwurking: Brassband 'Halleluja' ûnder lieding fan Nynke Jaarsma



Brassband 'Halleluja' spilet 'Slane' (Arr. Frank Culross)

Wolkom út namme fan de Menamer tsjerkemienskip en oanstekken fan de
kears fan ferbining

TARIEDING

Oanfangpsalm 118: 1 'Sjong no in feestliet foar de Heare'

Sjong no in feestliet foar de Heare:

syn goedens is de ein fan wei!

Lit Israël de lofsang leare:

syn goedens is de ein fan wei!

Sjong, prysterkoaren allegearre:

syn goedens is de ein fan wei!

Jim dy't God freezje, lit it hearre:

syn goedens is de ein fan wei.

Bemoediging, groetenis en drompelbea

Sjonge Psalm 118: 5 'Sjong no in feestliet ta de Heare'

Myn help en hâld is God de Heare,
Hy stimt myn hert ta sang en klang:
myn harpe rûzet ta syn eare,
ik sjong foar Him myn libben lang.
De tinten tille fan it sjongen,
de psalmen klinke oer it lân:
Gods feinten fiere ûnbetwongen
de grutte deden fan syn hân.

Kyriegebed
mei oanslútend sjonge it glorialiet:

Liet 305 'Alle eare, alle gloarje'

Alle eare, alle gloarje
jildt ús God, de Trij' ynien!
Wol ek hjoed de frede fiere
dy't Hy bringt yn ús bestean.
God fan ljocht, dy't ús socht,
wês yn leafd' ús tagedien!

Alle eare, alle gloarje
jildt de erfgenamt, de Soan!
Hy jout ús in nije namme,
syn genede bliuwt aloan.
Ljocht út ljocht, dat ús socht,
stek ús mei jo strielen oan!

Alle eare, alle gloarje
jildt de Geast dy't libben bringt,
dy't de ienheid yn ús azemt,
flam, dy't ús betrouwen skinkt!
Kom ús oer, leafdefjoer,
dat ús lofliet ivich klinkt!

Bern geane nei de bernetsjinst

TSJINST FAN IT WURD

Gebed bij de iepening fan de Skriften

Lêze út de Skriften Deuteronomium 13: 2-6

1 Alles wat ik jimme gebied, moatte jimme jim tige krekt oan hâlde. Do meist dêr neat oan tadwaan en dêr neat ôfdwaan. 2 As der yn dyn fermidden in profeet opstiet of ien dy't dreamen kriget, dy't jimme in teken of in wûnder tasein hat 3 en dat teken of wûnder dat er jimme tasein hat, komt nei en hy seit dan: Lit ús achter oare goaden oanrinne – dysto net kend hast – en dy tsjinje, 4 harkje dat net nei dy profeet of nei him dy't dreamen kriget, want dan hifket de Heare jimme God jim. Hy wol dan witte, oft jim de Heare jimme God leafhawwe mei hiel jim hert en hiel jim siel. 5 Achter de Heare jim God moatte jimme oanrinne, foar Him ûntsach hawwe, syn gboaden ûnderhâlde, nei syn stimme harkje, Him tsjinje en Him oanhingje. 6 Sa'n profeet lykwols of sa'n dreamer moat deade wurde, omdat hy oanstien hat op ôffal fan de Heare jimme God, dy't jimme út Egypte, it lân fan 'e slavernij helle en loskocht hat; hy soe dy ôfbringe fan 'e wei dy't de Heare dyn God dy hjitten hat te gean. Sa moaststo it kwea út dyn fermidden ûtroegje.

Sjonge Liet 7: 1 en 4 'It wurd dat jim ta libben brocht'

It wurd dat jim ta libben brocht
hoecht net te djip, te heech net socht
foar minsken, dreech om 't oan te nimmen;
it is in teken yn jim hân,
en yn jim each in ljochte brân,
't ropt dei oan dei mei klearre stimme.

't Wurd fan Gods rjocht en trouferbûn,
it is dy yn de mûle jûn,
Hy woe it dij yn 't herte skriuwe.
Dêr klinkt de klearre stim fan God,
de treast en tucht fan syn gebod,
dy wolle dij ta 't libben driuwe.

Lêze út de Skriften: Markus 9: 30-37

30 Dêrwei reizgen se dwers troch Galilea hinne; Hy woe net lije, dat ien it te witten kaam. 31 Hy wie doe dwaande mei syn learlingen yn te wijen en Hy sei tsjin harren: de Minskesoan wurdt oerlevere yn 'e hannen fan 'e minsken; se sille Him deadzje, mar de tredde deis nei syn dea sil Er ferrize. 32 Begripe diene se dy wurden net, mar hja doarsten Him der net nei te freegjen. 33 Sa kamen se yn Kafarnaüm. Doe't Er yn 'e hûs wie, frege Er harren: Wêr hiene jimme it ûnderweis oer? 34 Se seinen neat, want ûnderweis hienen se der mei-inoar oer praat, wa't nûmer ien wie. 35 Doe gong er sitten, rôp de tolve by Him en sei: As ien de earste wêze wol, dan moat er de allerlêste wêze en de tsjinner fan allegearre. 36 Hy naam doe in jonkje, sette dat midden tusken harren yn, sloech de earm om him hinne en sei tsjin harren: 37 Wa't om My sa'n bern opnimt, dy nimt My op. En dy't My opnimt, nimt My net op, mar Him dy't My stjoerd hat.

Sjonge Liet 991: 1, 2 en 7 'De earsten binn' de lêsten'

De earsten binn' de lêsten,
wa't neikomt, giet foarop;
hja moatt' net hastich wêze,
dy't libje fan de hoop.

Mei God ús dochs bewarje,
wy sjogg' inoarren stean:
de iene broer ken d' oare
as ien om foar te gean.

Ferachtsje net de lytsen
en hâld ferlernen heech,
want God neamt harren sines,
en hâldt har yn it each.

Ferkundiging

Brassband 'Halleluja' spilet 'Guardian of my Soul' fan Darren Shaw
(mei dêryn ferwurke: 'Een naam is onze hope')

Sjonge Liet 838: 1, 2 en 4 'O grutte God, de leafde sels'

O grutte God, de leafde sels,
o Heit op wa't wy bouwe,
kom yn ús hert, dat wy ússels
yn leafde oan Jo jouwe.
Meitsj' ús it ljocht fan dizze wrâld
en foar de ierde it sâltsjend sâlt.
Lit ús jo wurden sizze,
jo wierheid iepen lizze.

Meitsj' ús folbringers fan jo wei,
ta stim fan jo genede,
dan giet dy't wifket mei ús mei
en fynt de doarmer frede.
Lit ús yn trou it paad begean
nei harren dy't fan fierren stean,
dat wy, troch Jo feroare,
de minste wêze doare.

Jo grutte leafde gie ús foar;
haw tank foar Kristus' kommen.
Wy hawwe doe't Er iensum stoar
syn djipste wurd fernommen.
Noch klinkt dat wurd fan fred' en rjocht,
it wurdt rûnom ta dieden brocht,
dêr't minsken breklik stribje,
mar út jo leafde libje.

TSJINST FAN DE GEBEDEN EN JEFTEN

Diaken: oankundigje kollekte

Gebeden

ôfsletten mei it bidden fan it 'Us Heit'

Ús Heit yn'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn de himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't wy ek ús skuldners ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersyking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid
oant yn ivichheid.
Amen.

Bern komme werom fan de bernetsjinst, koarte útlis fan de bernetsjinstlieding.

Slotliet Liet 319: 1, 2, 4 en 5 'Lof God, dy't ús syn segen jout'

Lof God, dy't ús syn segen jout;
hoe heech Hy wêze mei, -
Hy hat by ús syn wenning boud,
dy't fier is, is ús nei.

Lof God, Hy stjoert ús skeamel skip,
dat koerts set nei de moarn,
lâns rots en mannich bline klip
op feil'ge haven oan.

Lof God, dy't yn ús sprake sprekt
en troanet op ús liet.
Hy is't dy sels it brea ús brekt,
mei ús oan tafel giet.

Lof God, Hy ropt ús oan syn miel;
dyn Breugeman, o breid!
Ik loovje Jo mei hert en siel,
myn heil, myn sillichheid.

Seine, ôfsletten mei it songen 'Amen'

Brassband 'Halleluja' spilet 'Free Mind' fan Marc Jeanbourquin
(mei as téma 'Oh Freedom')

De tv-tsjusten binne inkeld mei jo stipe mooglik.

Jo kinne in bydrage oermeitsje op rekkennûmer

NL15RABO 0373 744 471 o.n.f. Stichting Tsjerke en Media Fryslan

Tige tank alfêst foar jo stipe!

Sjoch alle tsjusten werom op www.tsjerke.media

De tv-diensten zijn alleen dankzij uw steun mogelijk.

U kunt een bijdrage overmaken op rekeningnummer

NL15RABO 0373 744 471 t.n.v. Stichting Tsjerke en Media Fryslan

Alvast hartelijk dank voor uw bijdrage!

Kijk alle diensten terug op www.kerk.media

